




DOARPSNIJS

Nûmer 495

maaië 2025

KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste tongersdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

De redaksje:

Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
Annie de Kleine	Lyklamawei 34	571364
Jantsje Akkerman	Lyklamawei 27	571889
Coby Hospes	Hurddraversdyk 95	De Jouwer
	korrespondint om útiens	06 41696781
Rianne Witteveen	Wytlandsdykje 10	yllustrator
Sjoukje Kramer	Wissebuurt 12	yn elkoarsetter

E-mailadres: redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Website: www.nijemardum.nl



It bestjoer fan Doarpsbelang:

Paul Rienstra (voorz)	Lyklamawei 39	571652
Jellie Zijlstra (secr)	Lyklamawei 4	0654612587
Dorpsbelangnijemirdum@gmail.com		
Tom Wezepoel	Lyklamawei 55	0620275676
(penningmeester, bankrek. NL30RABO0305244159)		
Jelle Siemonsma	Nij-Amerika 16	
Mieke Koot	Lyklamawei 36	0654238830
Joop de Vries	Lyklamawei 15	0645747202
Henk Bokma	Omrin 11	0610054393

E-mailadres buertplysje: patrick.bottinga@politie.nl of www.politie.nl

Wykbehearder gemeente: r.zijlstra@defryskemarren.nl, 0620548535 of www.defryskemarren.nl/melding

FERHUZE

Femmy Hoekstra nei Ljouwert
Sjoerd en Coby Bokma nei Aldemardum
Fam. Goos nei Balk

NIJE YNWENNERS



Jitzen Laffra en Ilse Bles op Heaburgen 6

DORPSVOLLEYBAL

Dinsdag 8 juli en vrijdag 11 juli is er weer het dorpsvolleybal.

De deelnemers van vorig jaar doen weer automatisch mee. Kun je niet meld je dan op tijd af en wil je graag meedoen maar je hebt vorig jaar niet mee gedaan meld je dan aan voor vrijdag 6 juni bij Hester Hoogland, tel.nr. 06-24388349.

De volleybal commissie



OPROP!

De redaksje fan it Doarpsnijs komt alle moannen by elkoar om de kopij dy't ynkommen is fan alle aktiviteiten en gearkomsten yn Nijemardum te besprekken.

Dêrom is it needsaaklik om in uterste datum te melden foar de ynstjoering fan de kopij.

Dy datum wurdt altyd achterop it Doarpskrantsje melden, ûnder de Aginda. No bart it gauris dat (fier) nei dy datum noch kopij oanlevere wurdt. Men giet der blykber fanút dat soks wol pleatst wurde kin, wylst de redaksje it net ûnder eagen krigen hat. **Dat kin fansels net de bedoeling wêze!!!!**

Wy stelle it op priis dat wy melding meitsje kinne fan alle nijs en aktiviteiten fan Doarpsbelang, de Feestkommisje, Lokaalferieniging, de Skoalle, sport-, muzyk- en alle oare ferienigingen dy't hjir yn Nijemardum binne, en ek fan alle doarpsgenoaten, mar lit ús dat op 'e tiid witte!

De redaksje

FAN DE REDAKSJE

It is al wer in pear jier lyn dat Sjoukje “yn it sintsje” setten waard troch Doarpsbelang. Dat wie fanwege alle wurk dat sy jierrenlang dien hie foar ús doarp. Dêr is sy net mei opholden. De sportferieniging, de tsjerke en it doarpshûs kinne noch hieltyd op har rekkenje as der wat te dwaan is. En der is altyd fan alles te dwaan: It wolwêzen fan in doarp hinget altyd ôf fan de ynset fan “gewoane” minsken sa as Sjoukje.

Wy witte dat allang, mar no hie Willem Alexander der ek lucht fan krigen. It “behaagde” him... en dus reinde it loovjende wurden op freed 25 april yn 'e Mallemok yn Sleat. Der wienen prachtige blommen en “de ûnderskieding”. Dêr kin sy har libben lang mei pronkje. Lokwinske Sjoukje!



ROMMELMARKT

Zaterdag 7 juni van 9.00 tot 11.30 uur is er Rommelmarkt in het Dorpshuis van Nijemirdum.

Entree: €1,00

Heeft u "rommel", zet dit dan vrijdagochtend 6 juni bij de straat dan wordt het na 13.00 uur opgehaald.

Spullen die u nu kwijt wilt kunnen alvast bij Yde Groenhof worden gebracht.

Wel graag in overleg. Telnr. Yde 06-54656224

Wij nemen NIET mee:

Kapotte spullen

Witgoed (wasmachines,
koelkasten etc.)

Bedden en matrassen

Bankstellen

Wandmeubels en dressoirs

Zware fauteuils



Graag zorgen dat spullen met een stekker wel werken.

We zien jullie graag **7 juni om 9.00 uur**.

De rommelmarkt commissie:

Wiebren Hoekstra, Jeltsje Hoekstra en Antje Winia

SNACKAVOND

Op de laatste vrijdag van de maand is het Doarpshús vanaf 17.00 uur weer open voor het bestellen en/of afhalen van diverse snacks. tel. 0514-571428

Vrijdag 30 mei

En dan is er weer snackavond in september.

WE HEBBEN ER WEER EEN RIDDER BIJ

Nijemirdum is weer een ridder rijker.

Bij de afgelopen lintjesregen is SJOUKJE KRAMER-RIENSTRA geridderd als dank voor het vele vrijwilligerswerk dat zij heeft verricht en nog steeds verricht.

Namens het bestuur van dorpsbelang feliciteren wij Sjoukje met deze onderscheiding.



HIMMELDEI

De laatste jaren doen we als dorpsbelang niet meer mee aan de “Himmeldei”. Niet omdat we een schoon en opgeruimde woonomgeving niet belangrijk vinden, maar het principe van één keer per jaar opruimen levert nu eenmaal geen permanent opgeruimde omgeving op.

Is het dan zo’n rommeltje in en om Nijemirdum? Nee, dat is zeker niet het geval. Dit is mede te danken aan inwoners die tijdens een wandeling zwerfafval meenemen in een plastic zak.

Het is weer zo’n voorbeeld waar we zelf verantwoordelijkheid kunnen nemen voor een goede leefomgeving.

Een aantal mensen pakt die verantwoordelijkheid dus op en het is jammer dat dit vaak onderbelicht blijft.

Vandaar bij dezen onze dank aan de inwoners die ervoor zorgen dat Nijemirdum schoon blijft.

Het zou mooi zijn als dit voorbeeld navolging krijgt en dat anderen hierdoor worden geïnspireerd om hetzelfde te doen.

Beter is natuurlijk dat niemand meer afval in de natuur achter laat, maar dat is een wel heel ultiem streven.

Dorpsbelang

WONEN IN NIJEMIRDUM ALS JE OUDER WORDT



Eind april hebben alle inwoners van Nijemirdum een uitnodiging in de bus gekregen voor een bijeenkomst die zal gaan over wonen in Nijemirdum als je ouder wordt. Bij dezen nogmaals een herinnering voor deze bijeenkomst. Het gaat hier voornamelijk om ouderen, maar om praktische redenen hebben we de uitnodiging huis aan huis verstuurd.

De bijeenkomst is bedoeld om samen in gesprek te gaan over hoe we in de toekomst in Nijemirdum kunnen/willen blijven wonen, ook als we ouder worden. Wat zijn de opties om uw woning levensloopbestendig te maken? Is het beter om te verhuizen of kunnen we nieuwbouw realiseren? Of zijn er andere woonvormen geschikt voor Nijemardum?

Doel van deze bijeenkomst is om samen de toekomst van ons dorp te verkennen en bedenken hoe we het wonen *noflik* kunnen houden. Wij willen u de gelegenheid bieden om met elkaar te praten over deze mogelijkheden en te ontdekken wat het beste bij u en onze gemeenschap past.

Details van de bijeenkomst:

Voor wie: 65+ en geïnteresseerde jongere ouderen
Datum: 4 juni 2025
Tijd: 19.00 – 21.00 uur
Locatie: Dorpshuis Nijemirdum, Lyklamawei 5

We hopen u daar te zien en samen na te denken over een prettige toekomst in ons dorp!

Dorpsbelang,

Werkgroep DOM, Project Wonen

WA BIN IK?

De útkomst fan foarige moanne is Nanda Mouw.

En dat sit sa: In beskermmer foar dyn bleate earm kin sinnebrânkrêem wêze en dat ha wy fansels ek nedich mei dizze moaie simmerske dagen, mar yn dit gefal is it de mouwe. Dat wurd brûke wy dan ek foar dit riedsel.

En krekt as Wiersma fan foarige moanne is der mar ien Mouw yn Nijemardum en dat is Nanda.

Nanda is in ferkoarte namme út it Germaansk en betsjut ûnder oaren: beskerming en moed.

Bêst noch wol pittich. Sietske Strampel kaam diskear út de hege hoed, lokwinske Sietske !

Foar ûnder de parasol ha wy wer in farske “wa bin ik”. Sukses !

**In moedige
beskermmer
foar dyn
bleate earm.**

**De kening fan
de bisten is it
slimste fabeldier**

Wa is dit ?

Mail jimme oplossing nei :

Redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Of belje nei nr. 571889

Jantsje

IT KENINGSFEEST '25

De 3de editie van It Keningsfeest in Nijemirdum zit er alweer op en wat was het geweldig!

Wij als organisatie zijn helemaal enthousiast! De sfeer was gezellig, het weer was fantastisch en de opkomst zo groot. De reacties over It Keningsfeest zijn allemaal zo lovend en dat maakt het nog mooier voor ons om te organiseren.

We zijn heel dankbaar voor alle hulp die we krijgen met op en afbouwen maar zeker ook voor alle sponsors en donaties van dorpsbewoners die we mogen ontvangen. Zonder al die steun lukt het niet om zo'n mooi feest in ons dorp neer te zetten. Heel erg bedankt iedereen!



Ondertussen zijn wij alweer bezig met It Keningsfeest voor '26 dus er komt zeker een volgende editie!

Mocht je nou een goed idee hebben neem gerust contact met ons op.

Groetjes Team It Keningsfeest (Jantine, Geeske en Marijke)



DODENHERDENKING

Op zondag 4 mei jl. konden we ca. 100 mensen verwelkomen op de jaarlijkse dodenherdenking.

Het is goed dat hier jaarlijks aandacht voor is en ook goed dat zoveel mensen dit ook vinden door te komen.

Helaas liet het geluid ons een beetje in de steek.

We gaan hier volgend jaar natuurlijk op letten.

Hartelijk dank aan de mensen die hebben meegewerkt aan deze herdenking.

Dorpsbelang

BESTE DORPSGENOTEN



Weer even een "update" over de doppenactie.

Allereerst wil ik alle doppenspaarders hartelijk bedanken namens het KNGF.

Dit jaar bestaat de actie alweer 10 jaar. In 2015 is het KNGF hiermee gestart. Het was toen een geweldige "vondst", omdat het veel geld opbracht.

Toen de opbrengst ging dalen en het "bedrijfsmatig" niet rendabel bleek te zijn, heeft een groep vrijwilligers dit "opgepakt" en het voortgezet. Voor het vervoer worden auto's beschikbaar gesteld en kan het tegen lage kosten opgehaald worden, wat zeker de moeite loont.

In 2015 was de jaarlijkse opbrengst € 10.000

Afgelopen jaar was dit € 53.865

De basisopleiding van een hulphond is € 5000, dus reken maar uit...., zeker de moeite waard. En dan te bedenken, dat dit bewerkstelligd wordt door een AFVAL product!

Er wordt nu jaarlijks ongeveer 1400 kilo bij ons opgehaald.

Dat zijn heeeeeeel veel doppen, want gemiddeld gaan er 500 doppen in een kilo.

Het wordt naar Donderen (Drenthe) gebracht, daar wordt geselecteerd en worden de doppen verwerkt tot granulaat, wat de grondstof is voor o.a. pallets, palen en afvoerputjes.

En dit wordt allemaal gemaakt bij o.a. AVK in Balk.



Wat is het toch fijn, om van dit afval artikel, goede dingen te maken en met dit afvalproduct je medemens mee te kunnen helpen.

En zeg nu zelf, wat is het een kleine moeite om de plastic doppen te sparen en ze af en toe even op Heaburgen 1 te brengen....

Het heeft allemaal voordelen: 1. Het is geld waard
2. Je helpt er anderen mee.
3. Het komt niet in het milieu terecht.

Dus... doppen sparen aub.

Welke? Alle doppen van plastic.

Van emmertjes tot tandpasta dop (en alles wat ertussen in zit)
(max 15cm doorsnee)

Nu bent u/je weer even op de hoogte en ik zou zeggen we zien u/je graag af en toe verschijnen met gespaarde doppen!

Met vriendelijke groeten,

Sietske Strampel Smink

KURSUS FRYSK

Vorig jaar rond deze tijd, was de aftrapavond van het DOM project. Een avond waar we ideeën uit het dorp ophaalden, om van Nijemirdum een nog fijner, mooier & leuker plek te maken, waar wij allen trots op mogen zijn. Vele ideeën kwamen naar voren. Eén van de ideeën was het organiseren van een cursus Fries in eigen dorp. Een cursus die normaliter alleen in de grote steden wordt aangeboden.

Na een peiling of er voldoende animo was, bleven de inschrijving uit. Tot een paar weken voor de start, zaten we nog altijd niet aan de minimale opgave van 8 personen. Waar Afûk al over afblazen begon, gaven we de moed niet op en met succes kunnen we zeggen! Met behulp van de krant, kwamen we uiteindelijk op maar liefst 24 deelnemers. Helaas hebben niet allen de cursus afgerond, om diverse redenen, maar toch goed dat zo velen hier interesse in hebben en hier tijd en energie in willen zetten.

“Ook meepraten tijdens de derde helft”

HET VERVOLG..

Bij goede films en boeken blijft een vervolg vaak niet uit. Daar kunnen wij als Nijemirdum natuurlijk niet op achterblijven. Vanaf september willen dan ook proberen om het vervolg van de eerdere cursus, Fries Verstaan Basis, te organiseren.

Voor 10 weken lang op dinsdagavond de cursus Fries Verstaan Vervolg, met als doel om naast het beter verstaan ook een opstapje te hebben naar het Fries Spreken.

Vind je het leuk om deel te nemen? Geef je snel op.

Scan de QR code, ga naar <https://kursus.afuk.frl> of boek direct via; <https://myn.afuk.frl/aanmelden/?cursusId=2436>



Start op dinsdag 23 september 2025 van 19.30 tot 21.30 uur in Dorpshuis Nijemirdum.

Want dichterbij komt het niet en tevens niks gezelliger dan met dorpsgenoten!



IT HIMD FAN IT GAT

Doe't ik in skoftke lyn mei Sija de Vries yn 'e kunde kaam, waard dúdlik dat wy al in pear jier doarpsgenoaten binne. Ik koe it fansels net litte om har miening te freegjen oer ús nea genôch priizge Doarpsnijs. It die bliken dat sy it mei nocht



lêst en dan leit de oanfraach foar in ynterview my al gau op 'e lippen. It docht my dan ek deugd dat ik op in sinnige maaiedei op 'e fyts stap en nei Hoitebuorren 23 op wei gean. Thús ha ik yn it augustusnûmer fan 2022 opsocht dat "de famylje

Haijtema" as nije ynwenners fan Nijemardum neamd waarden. Mei in foto fan it âlde húske dêr't sy in pear jier yn wenne ha mei in hokje. Lyts, mar ek wol smûk. De ferrizenis fan de nije wenning mei in grutte ga raazje strielet ljocht en romte út. De lêste hân wurdt no lein oan 'e bestrating. It nije gers begjint te groeien en de kommende tiid sil der fêst noch wol mear siedde en plante wurde. Sija is troud mei Wiebe Haijtema fan Koudum en sy ha 3 bern krigen: Brecht, Hester en Jort. De beide jongsten lizze krekt op bêd as ik by harren oan 'e tafel sko. Brecht en har mem hjitte my wolkom mei in lekker bakje tee. Wylst ik wat oer myn fragelist oan Sija fertel, fernim ik al dat it famke har ek hielendal belutsen fielt by ús petear. Brecht hoecht noch lang net op bêd hear... Sy leit út hoe't it by har op skoalle is en dat sy ek op sport sit. As ienichst famke fuotballet sy yn in jeugdteam fan NOK. Dat sprekt my wol oan, want ien fan myn beppesizzers is ek hiel fanatyk dwaande om as famke "oerein" te bliuwen yn in fuotbalteam mei allegear jonges. De klok tikket fansels wol troch en wy moatte no dochs mar mei de fragen foar mem Sija begjinne....

Wannear en wêr bisto berne?

Op 28 jannewaris 1990 yn Aldegea Smellingerlân.

Watfoar oplieding hasto dien?

Nei de Kristlike Basisskoalle yn Aldegea, bin ik nei de middelbere skoalle yn Drachten gien en ha it V.W.O diploma helle.

Doe in stúdzje kieze?

Ik woe “Geneeskunde” studearje, mar waard net ynlotte. Dêrom earst nei de oplieding “Bewegingswetenschappen” yn Grins.

Nei in jier koe ik mei “Geneeskunde” begjinne, mar doe moast ik wol nei Leiden ta.

Dat wie wol wat fierder fuort as Grins....

Mar gjin beswier. Ik ha dêr 6 jier west en dat wie de basis foar myn oplieding. Dêrnei ûndersyk yn Grins en Snits en de einstaaasje en “spoedeisende hulp” dien. Doe noch in tal jierren spesjalisearring ta húsdokter.

Wat woest as bern graach wurde?

Mem! (No, dat is wol slagge!)

Us Mem wurke yn ‘e ferpleging en sadwaande waard ik al jong by dat fak belutsen. It like my wol moai ta om ek sok wurk te dwaan.

It fakgebiet fan húsdokter is hiel breed en de oplieding duorret hiel wat jierren.

Men moat wol taai wêze om dat te folbringen...

Dat is wier, mar dat wit je as je deroan begjinne en it is in moai fak. Ik wurkje sûnt 2022 by de húsdokterpost yn Balk en dat giet goed. Ik hie yn Súdwest Fryslân al op plakken staaasje rûn en fiel my hjir goed thús.

Hast al in funksje yn it doarpshûs?

Ik sit yn ‘e âlderkommissje fan de berne-opfang Kleurrijk yn it doarpshûs.

Hasto hobby’s?

Einlings mar ien en dat is sport. Benammen it fuotbaljen. Dat dyng ik as famke al. Spitigernôch waard ik gauris pleage troch blessuereleed oan ‘e knibbel. Ik ha hiel lang net spylje kind, mar fuotbalje no wer op freedtejûn mei in rekreaasjeteam fan NOK. Dat binne 20 en 30 plussers en wy spylje op in heal fjild. Dat is no foar my grut genôch.....

Hâldsto fan muzyk?

Ik kin gjin favorite artyst of muzyksoart neame, mar ik lústerje faak nei de radiostjoerder JOE.



Komst noch oan lêzen ta?

Jawis, alle jûnen sit (of lis) ik mei myn e-reader te lêzen. Skandinavyske thrillers ha myn foarkar.

En TVprogramma's?

Neist it nijs, sjogge wy graach nei "Wie is de mol" en "De slimste mens". Ek wol nei "Boer zoekt Vrouw". Wy folgje ek programma's fia Netflix.

Hast noch wat mei it leauwen en de tsjerke?

Ik bin opgroeid yn in kristlik miljeu. Wy gyngen nei de kristlike skoalle en mei ús heit en mem nei tsjerke. Dat wie doe gewoan sa. No steane hiel wat tsjerken leech. Dy wurde net mear brûkt. Dat betsjut dat minsken yn dizze tiid fan grutte wolfeart blykber net sa'n ferlet mear ha fan de ferhalen oer de lieding fan in God yn harren deistich bestean en wy dus ek net.



Wat fynst fan it Doarpsnijs?

Ik lês it altyd, ek de fryske stikjes. Wy fine it leuk.

En fan Nijemardum?

Wy ha earder yn Balk wenne, ek in doarp, mar it slagge ús net goed om in bân mei de doarpsgenoaten te krijen. Doe't wy hjir delstrutsen fielden wy ús daliks thús. De buorlju lieten ús witte dat wy tige wolkom wienen. De skoalle is goed. It

fielt ús oan as in "waarm bad". Soks is goud wurdich.

Dogge jimme mei oan it Doarpsfeest?

Seker. Wy binne al mei de fersiering oan it tarieden

Geane jimme mei fakânsje?

Doe't wy noch gjin bern hiene, ha Wiebe en ik wol grutte reizen makke.

Benammen nei Skandinavië, mar ek wol nei Indonesië. Wy ha no in caravan yn it hok stean en sille fan 't simmer nei in camping yn Raalte. Mei de Pinksterdagen geane wy altyd mei myn hiele famylje op paad.

Hoe sit it by jimme mei it itensieden?

Dat dogge wy allebeide wol mei nocht. Meastal stjoer ik in appke mei in resept nei Wiebe ta as hy kôkje sil.

Hoe sjochst nei jimme takomst?

Ik hoopje dat wy hjir hiel lang wenjen bliuwe meie.

Wêr soest net sûnder kinne?

Dêr moat Sija wol efkes oer neitinke... It liket my hast net mooglik om te libjen sûnder it lêzen fan boeken.

Hasto winsken?

Ik ha hjir wier alles wat myn hertsje begeart.... Miskien dat wy yn 'e takomst nochris in "sabbatical" nimme kinne en dan mei ús bern in reis oer in part fan 'e wrâld meitsje kinne? De takomst sil it leare.

Ik fernim dúdlik dat Sija èn Brecht (en Wiebe en Hester en Jort fêst ek) folop genietsje fan harren libben hjir yn Nijemardum. Dat is goed (doarps)nijs!

Annie

MILIEUBUS

Wanneer komt de milieubus in Nijemirdum?

Dinsdag 1 juli 9.00-9.30 uur

Op het pleintje voor de toren.

Wat kan ik inleveren bij de milieubus?

Past uw klein chemisch afval (kca) en elektrische apparaten in een boodschappentas?

Dan is het welkom bij de milieubus!

Denk aan: batterijen, lampen, telefoons, föhns, laptops, toners, snoertjes opladers of verfblikken en oude medicijnen.

Bestuur dorpsbelang

EKSAMEN

Hy hie de lesstof der sa hurd ynstampt,
It woe der net mear útkomme.



Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Tanja Adriani	What's the Metta mindfulness en coaching
Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Vakantiewoningen en groepsaccommodatie
Bauke en Hedwig Beukens	Garant Zaden
Bed & Breakfast Lyklamastate	Kamers en appartementen
Kim van den Brom	Total Support For Marine
Jan Buma	Buma Handel
Ortwin Dellevoet	Lopifit Gaasterland
Johan A. Dijkstra	Dierenarts
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Runia Fourage BV	Veevoerders
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Halbe en Harm Willem Hielkema	Hielkemabouw
Atze Hoekstra	Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport
Tryntsje de Jong-Rienstra	Kapsalon Tryntsje
Mieke Koot	Generatiethuis
Koen Maronier	Yacht Power BV
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Gebroeders Postma	BHP Funderingstechniek
Hendrik Postma	Motorenrevisie/reparatie
Marijke Postma	Kniphúske kapsalon en nagelstudio
Jan-Dirk van der Tol	Feedtuber B.V.
Runia Transport Nijemirdum	Transportbedrijf
Ruerd Vellinga	Vellinga werkschoenen en -kleding
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum
Ilse Wezepoel	Snuffelplezier
Rianne Witteveen	Dsign & printmkr

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste tongersdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

DUOFYTS RESERVEARJE:

Dat kinne jo melde by Wiepkje Holtrop 06-10547123



INZAMELINGSPUNTEN:

Wat:

Plastic doppen van flessen,
tubes, potten en bussen

Waar:

Fam. Strampel,
Heaburgen 1

t.b.v.:

KNGF
blindegeleide-honden.

Inkt-cartridges, toners en
oude mobieltjes


Fam. Hoekstra,
Hoitebuorren 18a

Stichting
Kinderhulp Oeganda

Metalen/blikjes/doppen/
deksels/spuitbussen

Fam. Rienstra,
Omrin 14

STOPhersentumoren.nl



AGINDA

30 maaie	snackjûn doarpshûs, fanôf 17.00 oere
4 juny	wenje yn Nijemardum as je âlder wurde 19.00-21.00 oere
7 juny	rommelmerke fan 9.00 – 11.30 oere
26/27/28 juny	doarpsfeest
1 july	milieubus 9.00-9.30 oere
8 en 11 july	volleybaltoernoai fanôf 19.00 oere achter doarpshûs
27 septimber	playbackshow

IT FOLGJENDE KRANTSJE ferskynt op tongersdei 26 juny

KOPIJ YNLEVERJE foar moandei 16 juny

by ien fan de redaksjeleden

in e-mail stjoere kin ek: redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Yn july ferskynt der gjin doarpsnijs!